

Liturgy 10 oktober 2021 Ontmoetingskerk De Gerdyk

Voorganger dhr. Ruurd Walinga
Ouderling van dienst Wietze Kooistra
Organist Hielke van der Meulen

Opwekking 733 Tsjientûzen reed'nen (organist spilet,gemeente lêst mei)

It ljocht ferskynt, it begjint te daagjen,
myn dei begjint mei in liet foar Jo.
Hear, wat der hjoed ek komt
en wat allegearr' noch barre sil,
lit my noch sjonge as de jûntiid komt.

Loovje de Heare, myn siel, o myn siel,
Jo namme is hillich en goed.
'k Song nooit earder as no, sa fol fjoer:
Jo namme is hillich en goed.

Hear, fol geduld toan' Jo ús Jo leafde,
Jo hert is myld en Jo namm' is grut,
Fan al Jo leafde wol ik sjongen bliuwe,
tsjientûzen reed'nen dat ik sjonge kin.

En op dy dei as myn krêft belunet,
myn azem stoppet en myn tiid is om,
sels dan sil ik noch fan Jo grutheid sjonge,
tsjientûzen jier en oan't yn ivichheid.

Wolkom, Meidielingen tsjerkeried en Peaskears oan

Stil gebed, Votum en groetnis

Sjonge: Psalm 118: 1 en 3

Bidde

Psalm 33: 4 en 5 (organist spilet, gemeente lêst mei)

Skriftlêzing AT:

Genesis 11: 1-9

Alle minsken hienen ien taal en brûkten deselde wurden. Wylst se it easten yn trieken, fûnen se in leechflakte yn it lân Sjineär en dêr setten se har nei wenjen. Doe seinen se tsjin inoar: Kom! Lit ús tichelstien meitsje en dy goed trochbakke. De tichelstien wie har boustien en it asfalt wie har speesje. En hja seinen: Kom! Lit ús in stêd bouwe mei in toer dêr't de spits fan yn 'e himel rikt en lit ús ússels in namme meitsje. Oars koenen wy ris fersille reitsje, de hiele ierde oer. Doe kaam de Heare del om de stêd en de toer dy't de minskebern makke hienen, te besjen. En de Heare sei: Sjoch, hja binne ien folk en hawwe alle gearre ien taal. Wat se no dogge, is noch mar in begjin; skielk sil har neat mear ûnmooglik wêze fan alles dat se fan doel binne. Kom, lit ús delkomme en dêr har taal betiizje, dat de iene de oare syn taal net mear ferstean kin. Sa ferstruide de Heare har dêrwei de hiele ierde oer en hja hâlden op mei de stêd te bouwen. Dêrom wurdt dy stêd Babel neamd. De Heare hat dêr ommers de taal fan 'e hiele ierde betiisd en dêrwei hat de Heare har de hiele ierde oer ferstruid.

Hearre nei liet 'Wy geane de tsjustere nacht troch..' Taizé-lied

Skriftlêzing NT

Jesaja 25: 6-10

It feestmiel foar de folken

6 Op dizze berch sil de Heare Almachtich

alle folken in ryk feestmiel sette,

in feestmiel mei suvere belegere wyn, mei soppich fet fleis.

7 En op dizze berch sil Er de wale ferskuorre,

dy't oer it gesicht fan alle folken leit,

it kleeft dêr't alle naasjes ûnder sitte.

8 Hy sil de dea foar ivich ferskuorre,

de Heare God sil de triennen fan alle gesichten feie,

en oer de hiele ierde syn folk de skande ôfnimme,
want de Heare hat it sein.

9 Dy deis sil der sein wurde:

Sjoch, dat is ús God, nei Wa't wy útseagen
en fan Wa't wy ús heil ferwachten!

Dat is de Heare, nei Wa't wy útseagen:

lit ús jubelje en bliid wêze, no't Hy ús rêden hat;

10 want de hân fan de Heare leit op dizze berch.

Mar Moab sil ûnder syn fuotten ferwâde wurde,
sa't strie ferwâde wurdt yn in skerndobbe.

Sjonge: Opwekking 136: Abba Heit

Jowes bin ik, Abba Heit,
en fan oars gjin ien.

Wat Heit wol en wat Heit seit
bin ik tagedien.

Lit my wêze gleon fan hert
fan Jo Geast en fjoer.

Jowes bin ik, Abba Heit.

Jezus kocht ús djoer.

Jowes wêze, Abba Heit,
hiel myn hear en fear.

Lit my, sa't Jo Wurd ferseit,
nea net falle, Hear.

Lûkt de kjeld my dochs yn't hert
kom dan mei Jo fjoer.

Jowes bin ik, Abba Heit,

Jezus kocht ús djoer.

Preek

God fan fier en hein ús Heit

Tanke en bidde

Orgelspel en collectemoment voor thuis

Slotliet: Opwekking 167

Mei inoar yn Jezus' namme
sjonge wy it heechste liet.
Want de Geast jou ús syn namme;
taal dy't elkenien ferstiet.
Biddend om Gods plan te kinnen
binn' wy mei inoar op wei;
spykjend, sjongend, tsjûgjend, tsjinjend,
optein nei Syn grutte dei.

Sis it oeral om ús hinne
dat de Hear deselde bliuwt
en Syn leafde is de sinne
dy't ús neare nacht ferdriuwt.
Hear, wa soe Jo keare kinne,
minskewurk, dat minsken skiedt?
Oeral brekt Jo Geast trochhinne;
grinzen, muorren, stikeltried.

Hy oerwûn en waard ferhege.
Midsman dy't foar minsken stoar
Jezus iep'ne ús de wegen
nei de Heit en nei elkoar.
Hert en hannen heech nei boppen
bringe wy Jo tank en ear.
Troch Jo Geast is't dat wy roppe:
'Jezus Kristus is ús Hear!'

Seine

Oargelspul

By de utgang collecte foar de aanwezigen